## PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

19 oktober 2016

# 125 jier It Houtsjefabryk

Fryslân DOK op snein 30 oktober

**It is dit jier 125 jier lyn dat Hidde Halbertsma yn Grou 'It Houtsjefabryk' oprjochte. It bedriuw wie fan grutte betsjutting foar de ûntwikkeling fan it doarp. Sneon 29 oktober is der in reüny foar âld-wurknimmers. By it 100-jierrich jubileum fan it famyljebedriuw fan de Halbertsma's makke Omrop Fryslân in dokumintêre oer de romrofte skiednis fan it bedriuw. Dy film, mei in soad unike histoaryske bylden, wurdt no yn it jubileumwykein nochris útstjoerd.**

It begûn allegearre mei it meitsjen fan houten bûterfetten, wêrnei't it bedriuw stadich útgroeide ta de grutste wurkjouwer fan Fryslân. Doe't de fraach net bûterfetten ynsakke, betocht it neiteam fan Hidde Halbertsma om mei de produksje fan pallets útein te setten. In oar inisjatyf, it meitsjen fan doarren, wie earst net sa'n sukses. Letter bliek it de rêding fan it ympearium.

It fabryk stie letterlik en figuerlik midden yn Grou, dat bekend stie as in read doarp fanwegen de sosjalistyske ynslach. Dat makke dat it bedriuw fan it begjin ôf in tige foarútstribjend personielsbelied fierde. Yn de twadde wrâldoarloch krigen it bedriuw en de eigeners it dreech. Halbertsma, dy't aktyf wie yn it ferset, waard oppakt troch de Dútsers. Mar hy oerlibbe alle tsjinslaggen en sette troch.

Yn de jierren 90 drige it fallisemint. It bedriuw waard yn twaen splitst. Van Vuuren B.V. waard eigener fan de doarrenproduksje en de pallets waarden oernommen troch de Faber Halbertsma Groep. Yn Fryslân DOK in weromsjoch mei âld-wurknimmers en in soad histoaryske bylden út it privee-argyf fan de famylje.

Fryslân DOK: 125 jier It Houtsjefabryk
Snein 30 oktober fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 29 oktober om 15.30 oere en snein 30 oktober om 13.05 oere op NPO 2.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

# PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK
19 oktober 2016

## 125 jier It Houtsjefabryk
Fryslân DOK op zondag 30 oktober

**Het is dit jaar het 125 jaar geleden dat Hidde Halbertsma in Grou 'It Houtsjefabryk' oprichtte. Het bedrijf was van grote betekenis voor de ontwikkeling van het dorp. Zondag 29 oktober is er een reünie voor oud-medewerkers. Bij het 100-jarig jubileum van het familiebedrijf van de Halbertsma's maakte Omrop Fryslân een documentaire over de illustere geschiedenis van het bedrijf. Deze film, met veel unieke historische beelden, wordt nu in het jubileumweekend nogmaals uitgezonden.**

Het begon allemaal met het maken van houten botervaten, waarna het bedrijf langzaam uitgroeide tot de grootste werkgever van Fryslân. Toen de vraag naar botervaten inzakte, bedacht het nageslacht van Hidde Halbertsma om met de productie van pallets te beginnen. Een ander initiatief, het maken van deuren, was eerst niet zo'n succes. Later bleek het de redding van het imperium.

De fabriek stond letterlijk en figuurlijk in Grou, dat bekend stond als een rood dorp vanwege de socialistische inslag. Dat maakte dat het bedrijf vanaf het begin een erg vooruitstrevend personeelsbeleid voerde. In de tweede wereldoorlog kregen het bedrijf en de eigenaars het zwaar. Halbertsma, die actief was in het verzet, werd opgepakt door de Duitsers. Maar hij overleefde alle tegenslagen en zette door.

In de jaren 90 dreigde het faillissement. Het bedrijf werd in tweeën gesplitst. Van Vuuren B.V. werd eigenaar van de deurenproductie en de pallets werden overgenomen door de Faber Halbertsma Groep. In Fryslân DOK een terugblik met oud-werknemers en veel historische beelden uit het privé-archief van de familie.

Fryslân DOK: 125 jier It Houtsjefabryk (125 jaar It Houtsjefabryk)
Zondag 30 oktober vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 29 oktober om 15.30 uur en zondag 30 oktober om 13.05 uur op NPO 2.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.